



Oan de offisier fan Justysje  
Saailân102  
8911 BN Ljouwert

Amsterdam, 5 maaie 2018

Oangeande: ferfolging etnyske Friezen

Rju eale hear / frou,

Ut de media haw ik fernommen dat jo etnyske Friezen ferfolgje sille fanwege harren dielnimmen oan de slach om Dokkum. Sjoch it parseberjocht fan 19 april ll., <https://nos.nl/artikel/2228069-demonstranten-sint-blokkade-a7-bij-joure-voor-de-rechter.html>

Etnyske Friezen hawwe it rjocht om harren eigen kultuer, dêr't ek it Fryske sinteklaasfeest by heart, te belibjen. De etnyske identiteit fan de Fryske minderheid wurdt mei beskerme troch it Ferdrach fan Straatsburg, dat him beskermet tsjin nasjonalistyske oanfallen dy't rjochte binne tsjin it freedsum belibjen fan de eigen taal en kultuer. It ferdrach waarboarget it frije gebrûk fan de Fryske taal.

De Fryske taal is de twadde rykstaal. It Ferdrach fan Straatsburg, it Europeesk hânfêst fan regionale talen en de Wet gebrûk Fryske taal befetsje bepalingen dy't it gebrûk fan de Fryske taal yn it iepenbier bestjoer en de rjochtspraak waarboargje. Artikel 1 fan it Ferdrach fan Rome út 2000 ferbiedt diskriminaasje op grûn fan taal. Artikel 1 van de Nederlânske grûnwet ferbiedt diskriminaasje.



Nei myn miening betsjut it foargeande dat alle prosesstikken yn it strafproses (dagingen, parseberjochten, proses-ferbalen, kommunikaasje op 'e sitting, parsekommunikaasje, hearren fan fertochten, útspraak, fûnis, ensfh.) ek yn de Fryske taal opsteld wurde moatte.

Ik fertrou derop dat de oanbelangjende etnyske Friezen in earlik proses krije trochdat harren taalrjochten neilibbe wurde.

Wannear't jo fragen en/of opmerkingen hawwe, dan hear ik dat graach fan jo.

Ik fersykje jo freonlik om de ûntfangst fan dizze brief yn it Frysk te befêstigjen.

Mei heechachting,

Drs. G. Landman

Foarsitter Stichting European Language Rights.